

ÚTNÛGING

Yn it ramt fan *Wolkom op 'e lêste tongersdei fan 'e moanne* binne der op 30 novimber yn it Provinsjehûs dizze kear twa aktiviteiten: in lêzing mei de titel **De woartels fan de Fryske Frijheid** troch Gilles de Langen en Han Nijdam én de iepening fan in tentoanstelling.

de lêzing

Yn 2016 en 2017 hawwe in tal sprekkers harren yn it ramt fan de Wolkomlêzingen bûgd oer it fenomeen fan de Fryske Frijheid. As ôfsluting dêrfan wie de ûntbleating fan in replika fan it privileezje fan roomsk-kening Sigismund út 1417 yn it Provinsjehûs op 28 septimber fan dit jier. Yn dat ferneamde privileezje befêstige Sigismund de frijheid fan de Friezen.

Tradisjoneel wurdt it begjin fan de Fryske Frijheid, de autonomy fan de Fryske lannen tusken Flie en Weser, datearre op de 13^e iuw.

Yn de lêzing oer de woartels fan de Fryske Frijheid beskôgje de beide sprekkers it ferskynsel fan de Friezen en harren frijheid de hiele perioade fan de midsiuwen troch. Hoe frij hawwe de Friezen sûnt harren komst nei de Fryske lannen yn de 5^e iuw west? Hoe moatte wy dy frijheid opfetsje? Hoe hawwe de Friezen harren eigen posysje hieltyd besocht te bewarjen binnen it krêftefjild fan oan de iene kant de kultueren om de Noardsee hinne en oan de oare kant it Europeeske kontinent? Wannear begjint de Fryske Frijheid dus echt en wêr bestiet dy út?

In syktocht dus nei de dragers fan de Fryske Frijheid – wa wiene de Frije Friezen? – en syn uteringsfoarmen: rjocht, ekonomy, maatskippij, ideology. De sprekkers sille harren ferhaal begjinne yn sa likernôch it jier 500 en sa de *longue durée* fan de Fryske Frijheid sketse. Wat makket dat Fryslân hieltyd op syk wie nei syn eigen autonome posysje, mar wol ynbêde yn in grutter gehiel? Ofgeande op it ferline tinke de

UITNODIGING

In het kader van *Wolkom op 'e lêste tongersdei fan 'e moanne* zijn er op 30 november in het Provinciehuis ditmaal twee activiteiten: een lezing met de titel **De wortels van de Friese Vrijheid** door Gilles de Langen en Han Nijdam én de opening van een tentoonstelling.

de lezing

In 2016 en 2017 hebben enkele sprekers zich in het kader van de Wolkomlezingen gebogen over het fenomeen van de Friese Vrijheid. Als afsluiting daarvan was de onthulling van een replica van het privilege van roomsk-koning Sigismund uit 1417 in het Provinciehûs op 28 september j.l. In dat vermaarde privilege bevestigde Sigismund de vrijheid van de Friezen.

Traditioneel wordt het begin van de Friese Vrijheid, de autonomie van de Friese landen tussen Flie en Wezer, gedateerd op de 13^e eeuw.

In de lezing over de wortels van de Friese Vrijheid bekijken de beide sprekers het verschijnsel van de Friezen en hun vrijheid gedurende de middeleeuwen. Hoe vrij zijn de Friezen sedert hun komst naar de Friese landen in de 5^e eeuw geweest? Hoe moeten wij die vrijheid opvatten? Hoe hebben de Friezen hun eigen positie steeds weer geprobeerd te bewaren binnen het krachtenveld van aan de ene kant de culturen om de Noordzee heen en aan de andere kant het Europese continent? Wanneer begint de Friese Vrijheid dus echt en waar bestaat die uit?

Een zoektocht dus naar de dragers van de Friese Vrijheid -wie waren de Vrije Friezen?- en uitingvormen: recht, economie, maatschappij, ideologie. De sprekers zullen hun verhaal beginnen rond het jaar 500 en zo de *longue durée* van de Friese Vrijheid schetsen. Wat maakt dat Fryslân steeds op zoek was naar zijn eigen autonome positie, maar wel ingebed in een groter geheel? Afgaand op het verleden denken de sprekers dat de

sprekkers dat de Friezen altyd stribbe hawwe nei in lykwicht tusken selsorganiisaasje en it diel wêzen fan in grutter geheel. It is dus typysk Frysk om oan De Haach te freegjen de leie wat lossen te litten.

Oer de sprekkers

Prof.dr. Gilles de Langen wurket as archeolooch by de provinsje Fryslân, by de RUG as bysûnder heechlearaar archeology en by de Fryske Akademy as ûndersiker archeology. Dr. Han Nijdam is histoarikus en wurket as projektlieder Aldfrysk by de Fryske Akademy.

Iepening tentoanstelling bylden

Yn de simmerfakânsje hawwe kliïnten fan de spesjalistske opfangfoarsjenning fan Fier yn de Summerschool in workshop byldhouwen folge by Herma Bovenkerk. Dizze workshop hawwe se fergees oanbean krige fan de eardere direkteur fan it Friesland College, Liesbeth Vos. De makke bylden wurde tydlik tentoansteld yn it Provinsjehûs.

Mei de tentoanstelling wol Fier minsken ynformearje en ynspirearje oer it ûntwikkeljen fan talinten troch keunst en kultuer by jongerein dy't yn de spesjalistske opfangfoarsjenningen fan Fier sitte. By de iepening sille trije persoanen sprekke: Liesbeth Vos dy't de workshop byldhouwen kado jûn hat, Herma Bovenkerk dy't de workshop joech en Annemarie van Rijn, projektlieder fan de ôfdieling Participatie fan Fier.

Nei ôfrin fan de iepening kin de boppeneamde replika fan it Frijheidsprivileezje út 1417 ek besjoen wurde. It ynformaasjeboekje dêroer is dan ek fergees beskikber.

Plak en tiid

De lêzing is op tongersdei 30 novimber yn it Provinsjehûs, begjint om 12.30 en duorret omtrint in oere. De ynrin is tusken 12:00 en 12:30 oere. De lêzing is fergees en frij tagonklik foar elkenien, de fiertaal is Frysk en Nederlânsk.

De iepening fan de tentoanstelling is fuort nei ôfrin fan de lêzing oer de Fryske skiednis.

Jo wurde foar beide aktiviteiten fan herte útnûge.

Friezen steeds gestreefd hebben naar een evenwicht tussen zelforganisatie en het deel zijn van een groter geheel. Het is dus typisch Fries om aan Den Haag te vragen de teugels wat lossen te laten.

Over de sprekers

Prof.dr. Gilles de Langen werkt als archeoloog bij de provincie Fryslân, bij de RUG als bijzonder hoogleraar archeologie en bij de Fryske Akademy als onderzoeker archeologie. Dr. Han Nijdam is historicus en werkt als projectleider Oudfries bij de Fryske Akademy.

Opening beeldtentoonstelling

In de zomervakantie hebben cliïnten van de specialistische opvangvoorziening van Fier in de Summerschool een workshop beeldhouwen gevolgd bij Herma Bovenkerk. Deze workshop hebben ze cadeau gekregen van voormalig directeur Liesbeth Vos van het Friesland College. De gemaakte beelden worden tentoongesteld in het Provinsjehûs.

Met de tentoonstelling wil Fier mensen informeren en inspireren over het ontwikkelen van talenten middels kunst en cultuur bij jongeren die in de specialistische opvangvoorzieningen van Fier zitten.

Tijdens de opening zullen drie personen spreken: Liesbeth Vos die de workshop beeldhouwen cadeau heeft gegeven, Herma Bovenkerk die de workshop gaf en Annemarie van Rijn, projectleider van de afdeling Participatie van Fier.

Na afloop van de opening kan de bovengenoemde replica van het Vrijheidsprivileezje uit 1417 bekeken worden. Het informatieboekje daarover is dan ook gratis beschikbaar.

Plaats en tijd

De lezing vindt plaats op donderdag 4 mei in het Provinciehuis, begint om 12.30 en duurt ongeveer één uur. De inloop is tussen 12:00 en 12:30 uur. De lezing is gratis en vrij toegankelijk voor iedereen; de voertaal is Fries en Nederlands.

De opening van de tentoonstelling is direct na afloop van de lezing over de Friese geschiedenis.

U wordt voor beide activiteiten van harte uitgenodigd.

Wolkom op'e lêste tongersdei fan 'e moanne

It provinsjehûs iepenet elke lêste tongersdei fan 'e moanne de doarren foar it publyk. Dan wurde nijsgjirrige, leechdrompelige aktiviteiten yn ien fan de publyksrûnten fan it provinsjehûs organisearre. Soms troch de provinsje sels, soms troch ynwenners, mar altyd foar de ynwenners fan de provinsje.

In oersjoch fan alle Wolkom-aktiviteiten is te finen op www.fryslan.frl/wolkom.

Wolkom op'e lêste tongersdei fan 'e moanne

Het provinciehuis opent elke laatste donderdag van de maand de deuren voor het publiek. Dan worden interessante, laagdrempelige activiteiten in een van de publieksruimten van het provinciehuis georganiseerd. Soms door de provincie zelf, soms door inwoners, maar altijd voor de inwoners van de provincie.

Een overzicht van alle Wolkom-activiteiten is te vinden op www.fryslan.frl/wolkom.



Segel fan Frensjer, 1313. Râneskrift: *Rex Karolus Frisones liberos facit*, Kening Karel makket de Friezen frij”.

Zegel van Franeker, 1313. Randschrift: *Rex Karolus Frisones liberos facit*, Koning Karel maakt de Friezen vrij.